

Fjirtich weinen foar ljeppersarena

Greate buorden oan de yngongen fan Winsum melde it greate, dat der sneontomiddei to barren stiet: fierljeppen om it kampioensktip fan Fryslân. Yn it doarp sels oan beide kanten fan de St. Japik, dêr't oer ljept wurde sil, wurdt al drok arbeide oan de tarissingen foar sneon. Op it stik lân foar de opslach oer, dêr't de dielnimmers fan ôf ljeppe moatte wurde lânbouweinen delset as ûnderbou foar de greate tribune, dy't dêr komt. Der komme meiïnoar sa'n fjirtich weinen to stean. Op de opslach komt noch in tribune foar sa'n tûzen minsken. Joun en moarntojoun sille de dielnimsters en dielnimmers oan it kampioensljeppen al proefljeppe kinne oer de St. Japik. De Fryske Ljeppers Kommisje stelt dêrfoar polsen biskikber.

